



# TRUCKSTOP

**Drama/Thriller**

**door**

**LOT VEKEMANS**

**Fryske oersetting**

**Baukje Stavinga**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **TRUCKSTOP** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **LOT VEKEMANS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **3** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSONAAZJES:**

Katalijne                      30 jier

Mem                              69 jier

Remco                          40 jier

## TRUCKSTOP

De oantsjuttingen K, M en R steane ek foar Katalijne, Mem en Remco, allinne binne se dan yn in hele oare tiid.

### 1.De rekonstruksje fan de lampe

**KATALIJNE:** mear as 100 stikjes  
dat is net te lymjen  
mear as 100 stikjes  
dan rekkest it oersicht kwyt  
seit ús mem  
mear as 100 stikjes!  
Dêr is gjin begjinnen oan!  
Dat kin allinne de kontener noch yn  
Ik leau dat net  
Ik wol dat net  
Net de kontener yn  
Net dy lampe  
Net krekt dizze lampe  
It wie in moaie lampe  
Ien mei in hele protte stikjes kleurd glês  
Grien en blau  
En giel en read  
En kleuren dêr tusken yn  
Gjin giel mar hast giel  
Gjin blau mar hast blau  
Ik lis se op kleur  
Dy stikjes  
De reade by de reade  
De griene by de griene  
Mei de goeie kant boppe  
De goeie kant dat is de ribbeltsjeskant  
De bûtekant  
De ribbeltsjes hearre oan de bûtekant  
It glêde glês binnen  
Dat is maklik  
Dat probearje ik te passen  
Ha ik in stikje mei it skerpe rântsje oan de binnekant  
Sykje ik alle stikjes mei it skerpe rântsje oan de bûtekant  
Moat ik passe  
Ien foar ien

Oan alle kanten  
Witst noait wêr'st begjinne moast  
Fan tefoaren witst dat net  
Noait  
Dus begjinst mar ergens  
Dat is altyd goed  
Ergens samar begjinne en sjen wêr'st út komst  
Ast der útkomst  
Ik hâld my fêst oan de kleuren  
Dy binne in gids  
Wize dy de wei  
As it ware  
Net echt fansels  
Se sizze net fan tefoaren wêr't it past  
Dat moast sels útfine  
Gewoan hieltyd mar wer probearje  
Ik bin in trochsetter  
Neffens ús mem  
Hieltyd wer probearje  
As in oar it opjout  
Gean ik noch even troch  
Dat bin ik no typysk  
Ôfmêdzjend  
Soms  
Foar oaren dan  
Ik ha dêr gjin lêst fan.

## 2.Katalijne en mem oer de truckstop

**MEM:** Froeger wienen it hjir allegearre boeren en turfstekkers.

Wie it foar allegearre in skeppe yn'e grûn en huppekee

Dei yn dei út

Soares of gjin soares

Do bleaust wêr'st wiest

**KATALIJNE:** Ik hâld fan dit plak

Foaral moarns betiid

Fan hiel betiid foar't de earste klanten komme

Omdat it noch tsjuster is

Sels yn'e simmer al is it dan noait sa lang mear tsjuster

En noait echt helendal

Tsjuster mei in kierke loft al iepen

**MEM:** Tsjintwurdich net

Fleane wy allegearre de wrâld oer

Elkenien is ûnderweis

On the road

Fan de iene kant nei de oare kant en wer werom

Ik tink wol es

Mei al dat hinne en wer riden

En dat fleanen ek as soe it neat betsjutte

Net ien wit noch wêr't syn blomke it bêst groeit

In plant moast net te faak ferkasse, krijt er sloppe woartels fan

**KATALIJNE:** Soms sit ik moarns even op in stoel foar it rût samar  
wat te sjen

Der komme hast noch gjin frachweinen lâns en ek op it kanaal is it  
noch stil

Wurd ik stil fan

Oant mem begjint te roppen dat ik achter rin op it skema

Dan moat ik flokke op mysels

De tiid wer fergetten

**MEM:** My makket it net út

Ik kin der goed troch libje

Fan de frachtweinsjauffeurs dy't guod helje en bringe

Hinnen nei Belgie

Bargen nei Poalen

Manlju dy't komme en gean en dêr tusken by my in bal en in bakje  
dogge

Soms steane se mei in kertier al wer bûen

Soms duorret it langer

Echt lang bliuwe dogge se noait

Soks fregest ek net  
Ik net  
Net dat ik it net wollen ha  
Soms  
By in inkeling  
Mar ja, wat moast sizze dan  
Hâldst fan my?  
Se sjogge my al oankommen

**KATALIJNE:** Ik hâld fan it wurkjen mei ús mem

Fan myn hannen yn it spielwetter sadat der rimpels op myn  
fingerseinen komme  
As nei it swimmen of yn bad  
Ik hâld fan de foarrie tellen, de kratten fris en de pakken kofje.  
En de lucht fan skraal bier yn'e kelder.

**MEM:** Hjir boppe kinne seis sliepe

Allegearre in eigen keamer mei waskbak  
Dûs en wc op'e gong  
Alles kreas skjin  
Skjinne keamer  
Skjinne lekkens  
En foar in knaak ek skjinne handoeken

**KATALIJNE:** Ik hâld der fan as mem nei in dei wurk de spjelden út  
it hier hellet en se mei har fingers it lange hier oant op har  
skouders lûkt.

En it sop mei in tosti foar it sliepen en it jild tellen yn' e kas.  
Meastal sjogge wy dan ek noch even tegearre nei de tv.  
Ik fal faak yn sliep.

**MEM:** De measten komme allinne mar dûsen en pisjen

Sliepe leaver yn'e eigen kabine  
Wylst wy echt goeie bêden ha mei matrassen fan Zevenlaper  
Net goedkeap west

**KATALIJNE:** Ik hâld ek fan de klanten hjir

Net fan allegearre, mar de measten wol  
Sommige sjochst mar ien kear, foaral de manlju út it bûtenlân  
Dútslân of Belgie en in protte ek út Frankryk  
Ut Spanje of Itaalje ha ik se ek wol es sjoen

**MEM:** Toeristen komme hjir net

Allinne mar sjauffeurs  
Komt troch de namme fansels  
Froeger wie it hjir fol  
Elke jûn  
Gouden tiden



Ik ha hjir yn it kafee noch wol es in matras by lein  
Foar in Dútser dy't pech mei syn frachtwein hie  
Hat gewoan hjir op' e grûn lein  
Ik sjoch it noch foar my  
Moast wol moarns om healwei fiven der ôf, tagelyk as wy der ôf  
gienen.

**KATALIJNE:** Moarns sûgje ik it flierkleed en draai ik de stuollen  
rjocht by de tafels  
Ik set de jiskebakken del.  
Ik set kofje en helje de tosti's út de diepfries  
Dat is myn taak.

**MEM:** Opsjitte moast dan om it moarnsiten op tiid ôf te ha  
Kofje mei bôle en wat waarms  
Aaien mei spek of tosti's  
Bakte jierpels die ik ek wol es  
Gelokkich dat Katalijne al betiid goed helpe koe.

**KATALIJNE:** Op woansdeis doch ik de rúten binnen en ien kear yn'  
e fjouwer wike ek bûten.  
En as Mario van Erp komt mei de pakken molke, de aaien, de  
blokken tsiis en ham en de potten mei augurken en sipeltsjes, help  
ik te sjouwen en alles goed te setten yn'e kasten. Alles op syn plak.  
Krekt as de glêzen dy't ik jûns spiel as wy slute sille.  
De bierglêzen links fan de taap en de limonadeglêzen rjochts  
Want mem is links en ik bin rjochts:  
Sy tapet it bier, ik doch de frisdrank.

**MEM:** Tsjintwurdich ha se ek eigen kuolkastjes en kofjesetapparaten  
yn dy weinen  
Ik seach sels in kear ien mei in magnetron  
Se moatte it sels witte  
Mar as se hjir stean wolle moatte se hjir wol ite moarns  
Ik bin gjin parkearplak toch?

### 3. Moetsjen Katalijne en Remco

**KATALIJNE:** It wie as seach ik him foar de earste kear

Of eins hearde

Ik hearde him foar de earste kear.

**REMCO:** It wie as seach se dwers troch my hinne

Ik waard der al in bytsje benaud fan

Fan dy eagen

Dat sjen

**KATALIJNE:** It wie krekt as dat ik him noch nooit sjoen hie.

**MEM:** Dat is net wier.

Do kenst him al jierren

Dat is Remco

De soan fan Van Scheijndel

Dy't no yn de bisten sit

Do witst wol

Dy strúsfûgels

**REMCO:** Us mem woe freegje at ik hjir wol in pear del lizze mocht.

As ynformaasje

**KATALIJNE:** It wienen folders.

**REMCO:** Omdat der no safolle negatyf gedoch oer is en omdat dat net kloppet. Neffens har.

En at jo der es oer neitinke wolle om strúsfûgelfleis op it menu te nimmen.

Jo krije koarting, uteraard.

**KATALIJNE:** Us mem pakte de folders oan en seach der yn

Ik ek.

Foar it earst seach ik doe dy rare bisten.

**KATALIJNE:** Sitsto ek yn dy bisten?

**REMCO:** Nee, ik bin sjauffeur, by Van Dijk.

**KATALIJNE:** En syn eagen begûnen te glimmen.

**REMCO:** Al wer in jier as fiif.

**KATALIJNE:** Der wie wat yn syn stim.

Krekt as koe ik him eins fan earder.

**REMCO:** It like wol at se my foar it earst seach en dat it heel spesjaal wie

**MEM:** Hy is 'moeders mooiste' net.

**REMCO:** Ik koe dat net leauwe, want 'moeders mooiste' bin ik net

Mei dy earen fan my en dat hûnehier

Ik probearre dêr froeger wolris wat oan te dwaan

Op skoalle

Om der krollen yn te krijen of it wat dikker lykje te litten of sa

Mar ús mem setten alle kearen wer de tondeuze op myn kop  
Hop, alles der ôf, dat wie lekker maklik  
Hoegde se der wer twa oant trije moanne neat oan te dwaan  
Se sizze wol es dat jonges net om harren uterlik jouwe, mar dat is  
net wier.

Miskien net mear as se âlder binne, sa boppe de fyftich, mar dêr  
foar, och man...

**KATALIJNE:** Ik gichele om wat ús mem sei

Mar ik hie kribels  
Fan dy rare  
Begûn sa fan binnen  
Fan hjir en dan in bytsje omheech  
En dan sa dat se der út woenen  
Net earder hân  
Kaam troch dy stim eins  
Sa'n stim dy'st graach hearst  
Ik frege at hy noch es werom kaam

**REMCO:** Ik kom hjir toch alle freeds.

**KATALIJNE:** Wie dat wier?

Wie dat echt wier?

**KATALIJNE:** Fertel es wat.

**REMCO:** Wat dan?

**KATALIJNE:** Makket net út, alles, fertel alles.

**REMCO:** Net sa nei my sjen.

**KATALIJNE:** Hoe

**REMCO:** Sa

Sa asto dochst

**KATALIJNE:** Ik sjoch helendal net.

**REMCO:** Se koe dy sa oan sjen datst tinkst, dy kin myn gedachten  
en alles lêze.

**KATALIJNE:** As hy oan it praten wie, dan seach ik wol stiekem nei  
him

Leafst sa, dat it net opfoel

**REMCO:** Ik waard dêr wol ferlegen fan en sloech myn eagen del en  
soms fiede ik ek dat ik read waard as ik betocht dat se echt myn  
gedachten lêzen hie.

**KATALIJNE:** Hy fertelde fan alles

**REMCO:** Ik tocht wol es dat se hegere gaven hie

Of oare gaven dan oare minsken

Miskien dat ik har dêrom oer fan alles fertelde

Ek dingen dy't ik

No ja

Gewoan  
Dingen dy'st  
Do witst wol

#### 4.De earste feiten: wat?

**M:** Ik waard fûn yn de Truckstop mei in fleismes yn'e búk

Fitale organen rekke

Lever

Dwers troch

Dea bled

**R:** Ik wie op slach dea

Yn ien klap

Frontale botsing

De kop dwers troch

Net in lekker gesicht

Sels merkst der neat fan

**K:** Ik lei op'e stoel neist Remco

Mei myn holle op syn skouder

As wie ik in bytsje wurch en sliepte

**M:** Ik wie allinne

**K:** Myn nekke wie knakt as in lusifershoutsje

En ik hie in protte snijwûnen

**R:** Ik ek

Dat wie fan it glês en it metaal

**K:** Myn skonken wienen ferbrizele omdat de stoel nei foaren skood  
wie

**R:** Dy stoel wie stikken, al in heel skoft

Airbags hie ik ek net

**M:** As soe dat wat útmakke ha

**R:** Us heit moast my identifisearje

Hy sei tsjin ús mem dat sy mar net sjen moast

**K:** My identifisearre hy ek

**M:** Ik waard fûn troch Van Dijk

**R:** Myn baas

Myn eks-baas bedoel ik

**M:** Sneontemoarn kaam er lâns

Mei in bosk blommen

**K:** Lykas elke sneontemoarn

**M:** Lykas elke sneontemoarn, ja

**R:** Hy hie in eachje op dy


**M:** Skei toch út

**R:** Dat wie in publyk geheim

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**